

# De earste roman fan Simen Oetie

troch Rynk Bosma  
**BUSSUM** - By de Kristlik Fryske Folks Bibleteek (KFFB) is krektlyn de Fryske roman *De lêste halte* útkaam, skreaun troch de 'Fries om utens' Simen de Jong fan Bussum. In boek dat yn it Nederlânsk ta stân kaam is en dêrnei troch Dick Eisma yn it Frysk oersetten. In romandebút fan in man dy't earder al de parabel *Een geur van verlangen* (2001) en koarte ferhalen publisearre yn *Trotwaer en Script+*.

De jierren dy't Simen de Jong as jonkje trochbrocht yn Fryslân lizze al wer hiel wat jierren achter de rêch. Berne yn 1942 yn Wânswert yn de omjouwing fan Burdaard, mar syn jeugd trochbrocht yn Boalsert wêr't heit Eelke Simens de Jong jierrenlang ferbûn west hat oan it Bolswards Nieuwsblad. In man dy't in wichtige rol spile hat as bestjoerslid by de KFFB en de Fleanende Krie. In sjoernalist dy't derfan dreamde ea in boek te skriu-



**De tsjerke fan Wânswert stiet op de omslach fan it boek fan de skriuwer dy't publisearret ûnder de namme Simen Oetie.**

wen mar it is by in oanset en dream bleaun.

Soan Simen de Jong hat nea dy ambysje hân, mar doe't hy dy literêre oanset fan heit Eelke yn 2001 tsjinkaam brocht it him wol op in idee. Dat wie ek it jier dat E. S. de Jong ferstoarn is en soan Simen moast altiten werom tinke oan syn heit dy't yn 'e hûs oan tafel temidden fan de spultsjes dwaande bern syn stikjes skreau. Dei en nacht wie de man yn it spier mei wurk en Fryske taal.

It ferbliuw fan de skriuwer yn de greidhoeke hat net sa lang duorre. Nei in ûnderwiizersdiploma kearde hy Fryslân al gau de rêch ta om psychology yn Grins en Amsterdam te studearjen. Opgeand yn de tiid fan de sechstiger jierren hat hy noch in skoftsje yn de polityk sitten, foar de Kabouterpartij yn de Amsterdamse gemeenterie. Letter is hy yn Bussum bedarre en dêr wennet de skriuwer noch, hoewol hy ek faak yn it Fryske marregebiet te finen is. Want yn Fryslân fielt hy him mear thús as earne oars.

It leit dan ek foar de hân dat de earste roman him ôfspilet yn Fryslân: Wânswert, de

greidhoeke en dan benammen Boalsert mei in wichtige rol foar heit Eelke Simens de Jong wylst in omke ek in haadrol opeasket. De skriuwer fynt it sels net allinnich in oade oan Fryslân mar ek oan syn heit en omke. Wurdearring foar wat syn heit dien hat en dat opskreaun yn in boek op in momint dat hy it de heit net mear fertelle kin.

It boek is in mingfoarm fan fikseje en wierheid, mei foto-graaf Meindert Minnema as haadpersoan en in heit yn in fersoargingshûs. It bêste is derôf fan de man. Geregeldwei autotochtsjes nei bygelyks de mânske tsjerke fan Wânswert wêr't it grêf fan omke ferskûle leit efter it buortsje 'De lêste halte'. In opskrift mei in dûbele betsjutting want ek heit is dwaande mei syn lêste halte.

Weromgripe op it ferline wêrby de skriuwer foar syn haadpersoanen ek op eigen psychologysk fakgebiet leunt. 'Suspense' mei in moard is mar ien triedsje yn in boek dat befolke wurdt troch de skilder Alma Tadema en in heit E. S. de Jong dy't him by libben deroer fernuverje soe dat syn âldste soan ea in boek foar de KFFB skriuwe soe.